


TIE / BREAK



Dit boek is skreaun foar it LêsNo-projekt, in lêsbefoarderingsprojekt foar learlingen yn de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis. Realisaasje is mooglik makke troch Fers, yn gearwurking mei it Cedin, de Afûk en mei stipe fan de Stichting Lezen en de provinsje Fryslân.

Dizze edysje is útjûn troch Elikser.

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Filmke mei de haadpersoanen sjen? Scan de QR-koades yn dit boek. Achter elke QR-koade sitte trije ferskillende filmkes. Ast se trije kear scanst, krijst trije kear in oar filmke.

TIE / BREAK

© 2023 Utjouwerij Elikser, Ossekop 4, 8911 LE Ljouwert

skriuwer Jan Minno Rozendal

korreksje Ytsje Steen

fotoportretten Kees Klip

kollaazjes en foarmjouwing vogelsang grafisch ontwerp


filmkes StudioSmids, Jan Tiede Bouma en Jannie van der Veen

ISBN 978 94 6365 582 8

NUR 284


Neat út dizze útjefte mei hoe dan ek fermannichfâldige wurde sûnder dat dêr skriftlike tastimming fan de útjouwer oan foarôfgiet.

www.elikser.nl



TIE BREAK

JAN MINNO ROZENDAL



SJIT RIS OP!
IK WOL ABSLÚT
NET TE LET
KOMME.



E JU!





'Ik ramde him mei in smash sa, presys op 'e line!' rôp ik út, wylst ik it op 'e fyts foardie. Ik makke in swiper en myn stjoer joech dat fan Femke in high five.

'Sjoch út, man!' raasde se skrokken, wylst se hast de berm ynskeat.

Ik die de hannen gau wer oan it stjoer en tegearre koenen we krekt in fallerij foarkomme. 'Ja sorry,' sei ik, doe't we wer rjochtút fytsten. 'Mar anyway, dat wie in lekkere oerwinning!'

'Ja ja, ik wit it. Ik wie der sels by. Sterker noch, ik hie de measte punten makke,' foetere Femke fierder. 'Hâld do dyn hannen no mar oan it stjoer, oars krije we in ûngelok.'

'E ju, wat kin der barre?' fûn ik. Wat in geëamel, der wie gjin auto yn 'e buert.

'In hieleboel,' antwurde Femke lykwols. 'Ik ha der hielendal gjin nocht oan om troch dy yn it sikehûs telâne te kommen. Ik ha wol oare dingen te dwaan.'

'Wat dan?' frege ik.

'Euh, wat tochtst fan skoalle?' Femke seach my ferwûndere oan.

'Do witst wol, proefwurken, SO's, repetytsjes...'

'No lekker dochs, as we dêr in pear wykjes frij fan wienen? Moai wat yn it sikehûs omhingje. Lekker útsliepe en fierder wat spul-tsjes dwaan...'

'Hâld no mar op! Ik soe net graach lessen op skoalle misse wolle. En do kinst ek hielendal net sa lang sûnder tennis.'

Dat wie fansels sa, in pear wiken net tennisje is in pear wiken net libje. Mar foar skoalle soe it om my wol kinne, sa'n heale fakânsje yn it sikehûs. De middelbere skoalle foel my oant no ta aardich ôf. We moasten ynienen leare en studearje, goed oplette en serieuus it hús wurk meitsje. Dat hoegde foarich jier dochs ek

net, doe't we noch op 'e basisskoalle sieten? Wêrom moast alles no ynienen oars wurde? Oerdreaun gedoch. 'Skoalle is ek net alles,' konkludearre ik lûdop foar mysels.

'Dat wit ik noch sa krekt net,' gie Femke dêr tsjinyn. 'Heit en mem...'

SKOALLE IS EK
NET ALLES!



'Ja, hoe sit it dêrmei?' bruts ik yn.

'Hoe bedoelsto?' frege se stadich.

'No, nei watsto my ferteld hast, dat se...'

'Hâld dyn bek!' Deabenaud seach se al fytsend om har hinne. 'Dat meisto net fierder fertelle!'

'Wit ik wol, rêstich mar.' Femke die mar strest, fûn ik. 'Gjinien heart ús hjirre.'

'Dat witsto net. Trouwens, ik wol it der fierder net oer ha.' Se seach soer foar har út.

We rieden swijend fierder, yn 'e rjochting fan Femkes hûs. Wat in gedoch oer har geheim, tocht ik wilens. Fansels soe ik dat net trochfertelle. 'Hee,' sei ik om de stilte te trochbrekken, 'sille we no moarn of oaremoarn te tennisjen? Of beide dagen? Ik kin nammentlik altyd wol. Myn knibbel docht net mear al te folle sear.'

'Wit ik noch net. Ik moat earst mar sjen at ik hjoed klear kom mei it húswurk, ik fertel it dy moarn wol.' Doe wienen we by har hús. 'Komsto moarnier goed op 'e tiid?' frege se ta ôfskie. 'We ha it earste oere in proefwurk Frânsk, ik wol abslút net te let komme.'

'Fansels,' antwurde ik har. 'Ik bin der stipt om tsien oer achten!' Ik hie myn hannen wer fan it stjoer wylst ik nei ús eigen hûs ta fytste.

Moai om tsien oer achten fytste ik de oare moarns fan hûs. De lantearnepeal dêr't ik elke moarn mei Femke ôfspruts, wie mar trije of fjouwer minuten fytsen, dat ik wie neffens myn berekningen noch hieltyd aardich op 'e tiid. Doe't ik dêr oankaam,

wie der lykwols gjin Femke te bekenen. Ik lake wat yn mysels. Se hie har fersliept tink, silst altyd sjen! Hie se juster mar net sa'n grutte mûle ha moatten, oer op 'e tiid kommen! No seachst it, in pear minuten te let kin elkenien oer komme, ek my, sels har. Ik appte har. *Wêr bist, sliepkop?* Gjinn reaksje, sels gjin blau finkje. Wie se miskien siik? Ik stuts de strjitte oer nei har hûs, en belle oan. Femke har mem die iepen. Sûnt Femke my ferteld hie hoe't it werklik siet, seach ik mei hiele oare eagen nei har.

'Jelle, sis it ris?'

'Euh, is Femke der ek?'

'Nee, dy is al seker tsien minuten lyn fan hûs gien.' Se seach my erchtinkend oan. 'Hoesa, is der wat bard?'

'No ja... se stie net by de peal.' Faach wiisde ik nei achteren, dêr't de peal ergens stie.

'Se is wierskynlik al trochfytst,' tocht har mem. 'Wiest wer te let? Te let, te let, in pear minuútsjes, wat in geseur. 'Krekt miskien,' prommele ik. 'Echt net safolle.'

'Se woe op 'e tiid wêze foar it proefwurk Frânsk,' sei har mem.

'Dêr hie se it fan 'e moarn al oer. Dat sil it dan wol wêze. Do meist ek wol opsjitte, ast it noch helje wolst.'

Dat wie neat tefolle sein. Ik sprong op it seal, skeakele yn 'e heechste fersnelling en sprinte nei skoalle. Dêr skode ik de fyts hastich en rûch tusken de oaren yn en fleach nei it lokaal foar de Frânske les. Menear Molenbeek seach fersteurd op doe't ik hymjend troch de doar kaam. Mar salang't de repetysje noch net begûn wie, mochtst noch binnenfalle, betocht ik opslach in nije regel yn it grutte skoalregelboek.

'Bonjour jonges. No't elkenien der einlik is: tafels útinoar foar jim toets.'

'Hee, wêr wiest no?' frege ik Femke nei de les.

'Wêr't ik wie? Wêr wiest sels, silst bedoele!'

'Ik wie by de peal,' sei ik wiisnoazich.

'Ik ek. Om tsien oer achten. Stipt. Ik ha sels noch in pear minuten wachte, doe bin ik fuortriden. Ik hie it dy noch wol sa sein om hjoed op 'e tiid te kommen! Hoe dreech is dat no? Kinst dochs

wol kloklêze? Bist dochs gjin lyts bern mear?’

‘Doch net sa flau!’ Ik fielde dat ik liik waard troch har stikelige opmerkingen. ‘Ik wie echt mar in pear minuten te let. We helje it altyd maklik! Hjoed fytste ik om tweintich oer achten by dyn âlden wei, en ik wie noch hieltyd op ‘e tiid!’

Femke skrok. ‘Myn âlden? Wat moastest dêr dan?’

‘Freegje wêr’tsto wiest.’

‘Dat koest sels net betinke?’ Stûf rûn se fierder nei har folgjende les. ‘Trouwens, do hast neat oan myn âlden merke litten, wol?’

‘Do bedoelst... oer dat iene?’

‘Ja. Ik ha der dochs al spyt fan dat ik it dy ferteld ha.’

Har wize fan dwaan en har wurden dienen my op ien of oare manier sear. ‘Spyt? Wêrom dat dan?’

‘Ik wit net, samar. No, ik ha no wiskunde, do Ingelsk tink?’

‘Ja, klopt.’ Efkes wist ik net wat ik sizze moast. ‘Ik sjoch dy yn ‘e pauze, ja?’ sei ik dan mar.

‘Yup,’ antwurde se, en gie fluch it lokaal yn dêr’t se wêze moast.

Ik rûn troch nei Ingelsk. Femke die de lêste dagen mar bokkich, der wie neat oan sa. As oft ik har geheim net bewarje koe, omdat ik neffens har in lyts bern wie! No, se koe my heus wol fertrouwe hear. Ik hie it gjinien trochferteld; myn âlden net, Jacob net, gjinien op ‘e tennisklup. Wat tocht se wol net!?’

Yn ‘e pauze sieten we mei ús fêste klupke byinoar: Femke, ik, Merel en Jacob. We kamen fan deselde basisskoalle, en hoewol’t we no net mear alle lessen byinoar yn ‘e klasse sieten, sochten we elkoar yn ‘e pauzes altyd op.

‘Hee jonges,’ sei Merel, ‘jimme hienen dat proefwurk Frânsk fan ‘e moarn al, no?’

Femke en ik knikten beide.

‘En hoe wie dat? Lestich?’

Ik woe al ‘ja’ sizze, mar Femke wie my foar: ‘Net echt, hear. Der wienen wol fragen út alle haadstikken dy’t we leare moasten, dus kinst net echt stikken oerslaan. Wannear ha jim it?’

‘Moarn al,’ antwurde Jacob foar harren beiden. ‘Dan moatte we hjoed mar goed studearje, Merel. Miskien kinne we better oan dy

oare tafel sitte.' Hy wiisde nei it taffeltsje dêr't Zhanna en Nicole alwer djip mei de noas yn 'e boeken sieten. 'Dy twa leare sels yn 'e pauze!'

'As it mei my oait safier komt,' heakke ik yn,

'ferwachtsje ik dat jimme my goed útlizze dat soks echt net kin.'

Ik gnyske. 'Wat in libben ha je dan. Dy Zhanna foaral. Is se dêrfoar

hielendal nei ús lân kaam? Se hie likegoed yn Oekraïne yn in biblioteek sitte kinnen.'

'No, no...' gie Merel tsjin my yn. 'It is nochal wat hear, om hjir hielendal hinne te kommen. Do soest ek op 'e flecht slaan as it yn dyn stêd oarloch wie.'

'Nee hear, ik soe dy Russyske kûgels gewoan werom meppe.' Ik die myn backhand foar.

'Wat binne dat no foar stomme opmerkingen!' foel Femke út. Ik seach har fernuvere oan. 'Rêstich mar, it wie mar in grapke. It is gewoan sa suf, om yn 'e pauze te learen. Wat is dêr no oan? Ik doar te wedzjen dat se thús elke jûn oant withoelet sit te studearjen, allinne mar foar wat stomme sifers.'

'Mei dy stomme sifers kin se letter wol nei de universiteit!' sei Femke noch hieltyd like fûl.


Ik wie net ûnder de yndruk en luts oan 'e skouders. 'It is wat. Ik soe net graach sa'n stúdzjebol wêze wolle. Se hat ek hielendal gjin freonen, bûten Nicole dan. Mar dat is ek al sa'n nerd. Fêst ek de ienige dy't dat brabbeltaaltsje fan Zhanna in bytsje begripe kin.'

'Dat is net earlik,' fûn Merel. 'It is hartstikke knap dat Zhanna al sa goed Nederlânsk kin. Se praat sels al in pear wurden Frysk!'

'Se praat as in baby,' fûn ik. 'Fynst ek net, Jacob?'

'Ik kin der net altyd in protte sûkelade fan meitsje,' hold dy him wat op 'e flakte.

'Gjinien, ju. En dat sil letter nei de universiteit? Binne dy der



eins wol yn Oekraïne? Want se giet dochts hooplik wol wer gau werom?’

Femke kaam oerein. ‘Wat in shitopmerking! Ik ha der gjin nocht oan om hjir noch langer nei te harkjen. Ik gean alfêst nei de les.’

Lykas alle dagen fytsten we tegearre nei hûs. Ik wist net goed wat ik tsjin Femke sizze moast. Se die al de hiele dei fijannich tsjin my. Of se sei neat, of it wie wat stikelichs. En wêrom, omdat ik fan ’e moarn in pear minuten te let wie? Wat in oanstellerij! Moast ik har dêr no sorry foar sizze? Dat wie dochts oerdreaun? Mar ik siet dermei, it fielde net goed. It fielde iensum op dizze manier, ek al fytste se flak neist my, sa’t se al jierren die. Earst tegearre nei de basisskoalle, no nei de middelbere skoalle. We hienen altyd in soad wille makke, en plannen foar letter. We hienen inoar alles ferteld, ik oan har en sy oan my... sels dat iene, in pear moanne lyn noch mar. En dan no sa dwaan?

‘Wannear sille we spylje?’ frege ik op it lêst mar. Oer tennis koenen we ommers altyd prate, dat wie alles foar ús. Doe’t ik dêr in pear jier lyn op gien wie, folge Femke net folle letter. Fan dat momint ôf wienen we in dûbel. ‘We moatte wol trainen bliuwe foar de *Fryslân Future Cup*.’

‘We moatte marris sjen wannear’t ik dêr tiid foar ha,’ mompele se foar har út.

‘We moatte marris sjen? Sa wurde we noait kampioen,’ foetere ik werom. ‘We ha al in training mist omdatsto juster sa nedich dat proefwurk Frânsk leare woest.’

‘Moastesto dat dan ek net leare?’

‘Eins wol, mar ik woe der gjin training foar misse. Stefan frege al wêr’tsto wiest. Ik ha útlein datsto leare moastest, ek al slacht dat nergens op. Hoe heech stiesto wol net op Frânsk?’

‘In acht punt twa,’ sei se presys.

‘No dan! Dan kinsto bêst in kear in wat leger sifer helje. Ik stean in fiif punt njoggen, dêrmei komst ek wol oer, hear. Aanst wurdst al krekt sa’n stúdzjetrut as dy Zhanna.’

‘Hâld ris op oer har!’ sei Femke ynienen fûl. ‘Ik fyn it hielendal net leuk datsto sa ferfelend oer har dochst, mei al dy flauwe

opmerkingen. Se is gewoan serieus, dat mochtesto ek wolris wat mear wurde.'

'Mar ik bin in lyts bern, tink?' sei ik grimmitich werom. Dy opmerking fan har wie ik net fergetten.

'No, yndied ja!' Femke begûn hast te razen, sa koe ik har hielendal net. 'Ik sil dy noch wat oars sizze: ik sil mei Zhanna en Nicole in stúdzjeklupke begjinne. Dat ha we hjoed ôfsprutsen by wiskunde. Dan kinne we inoar moai helpe en motivearje.'

'Man, man!' Ik lake my slop. 'Stúdzjeklupke? Motivearje? Do stiest yn alles in dikke foldwaande!'

'Dat wol ik graach sa hâlde, asto dat no leuk fynst of net!' Femke hime deroer.

We wienen hast by har hûs. Ik begriep hielendal neat fan har geëamel oer Zhanna en Nicole en stúdzjeklupkes en wit ik wat allegear noch mear. 'Mar wannear sille we no te tennisjen?' frege ik in lêste kear.

'Wit ik net. Earst net. En do hoechst my moarn of oaremoarn of wannear dan ek net mear op te heljen fan de peal. Ik kom leaver gewoan alle dagen op 'e tiid.'

Dêr koe ik it mei dwaan. Se draaide de oprit nei har hûs yn en stode sûnder om te sjen yn ien kear troch nei achteren. Skodholjend fytste ik de lêste pear hûndert meter nei hûs ta.



STÚDZJEKLUPKE...
INOAR HELPE EN
MOTIVEARJE!

FILMKES
SJEN?



GJIN
FEMKE?!



NERD
ALERT!



SITST NO OP DYN
MOBYL TE SJEN? NET
ÛNDER IT ITEN, NO?





2

Hast ried ik de oare moarns op 'e automatyske piloat nei de peal, mar krekt op 'e tiid feroare ik fan rjochting. Yn pleats fan by Femke en dy oan gie ik streekrjocht nei skoalle. Ik seach myn freondinne net foar of achter my riden, dus har kennende soe se al sawat yn it lokaal sitte.

De iensume fytstocht joech my nochris de kâns om oer juster nei te tinken. Ek fannacht hie ik alles in pear kear yn my omgean litten. Ik hie net safolle ferkeard dien of sein, fûn ik sels. Okee, ik hie op tiid wêze kinnen, en myn wurden oer Zhanna hienen miskien wat hurd west, mar wie dat no it slimste op dizze wrâld? Nee, konkludearre ik, oan my lei it net. It wie Femke dy't mar raar die, tsjintwurdich. Se wie hiel bot feroare no't we op 'e middelbere skoalle sieten. Op 'e basisskoalle hienen we it noait oer sifers of learen hân. Skoalle hearde der no ienkear by, om it op de middei sa gau mooglik achter ús te litten en nei de tennisbaan te gean. En no wie Femke mar yn 'e war, fêst de holle gek makke troch dy Oekraynske weirdo. Dy Zhanna mei dat gekke taaltsje, in mingeling fan Ingelsk en Nederlânsk, en dan soms ek noch in Frysk wurdasje dertrochhinne. It klonk nearne nei, mar allegear dienen se krekt oft se har ferstienen en o o o, se wie sa tûk en dapper en se wurke sa hurd. It sil 't allegear wol. En dan dy dikke bril fan har! Asto it wurd nerd googelest, dan krigest der gratis in foto fan Zhanna by. En no soe dy sportive Femke dy kant ek opgean? Nee, dat leaude ik net, dat koe net. It wie gewoan in faze fan har, dat gie wol wer oer. Hoe earder, hoe better, want we moasten sa gau mooglik wer traine foar de *Fryslân Future Cup*.

Dy deis hie ik de earste pear oeren gjin les mei Femke. Ik wurke my mei muoite troch in saaie les wiskunde hinne en koe dêrnei

myn enerzjy kwyt by gymnastyk. Nei ôfrin rûn ik mei Jacob nei ús fêste taffeltsje yn 'e aula. Grappich hoe gau't we ús eigen plakje fûn hienen. Dêr soe ik de kommende jierren de pauzes mei Femke, Merel en Jacob trochbringe.

Ek no siet Merel al op ús te wachtsjen. 'Sa jonges, moai te sporten west?' frege se.

'Ja hear, wûn fansels,' sei Jacob. 'We ha dat teamke fan Jelle mei follybal efkes oprôle!'

'Oprôle? It wie 8-7!' ferdigene ik ús team.

'In ferlies is in ferlies,' fûn Jacob.

Merel lake. 'Wêrom binne jonges dêr dochs sa fanatyk yn? Wat boeit dat no, wa't der mei follybal wûn hat?'

'Wolst dochs altyd winne?' frege ik har ferheard. 'Wat is der oars oan sa'n spultsje? As ik bygelyks op tennisjen siet allinne foar it tennisjen, dan hie ik der gau myn nocht fan. It giet om de winst!' 'Dat sil dan wol,' suchte Merel. 'Ik kin my dêr net drok om meitsje, dat doch ik wol foar de toets Frânsk aanst. Hooplik is dy werklik net sa hiele lestich, sa't Femke juster sei.'

'Wêr is se eins?' frege ik. Ik seach om my hinne.

'Dêr,' flústere Jacob, wylst er lâns my wiisde. 'By de Oekraynse.' It wie ferdoary noch wier ek! Se siet yn de pauze gewoan by dy beide truttebollen, Nicole en Zhanna! Se wienen drok yn petear, mei sa te sjen it boek fan skiednis en pinne en papier by de hân om notysjes te meitsjen. Nicole hie har laptop iepenslein en wie skynber wat oan it opsykjen. Femke moast ûnderwilens laitsje om wat dat Zhanna sei.

'Wat moat se dêr no?' systere ik.

'Se mei sitte wêr't se wol,' fûn Merel. 'Ik sit dochs ek wolris by in oar?'

'Dat is oars. Dit is... ferkeard.' Ik skodholle, en hoewol't Jacob my tsjin besocht te hâlden, wie ik al oereinkaam en gie dy kant op. Femke seach my fêst al út in eachhoeke wei oankommen, mar die krekt of wist se fan neat.

'Hoi,' sei ik, doe't ik by de trije fammen wie. Zhanna en Nicole seagen op, mar Femke die noch hieltyd at se gek wie. 'Hoi,' sei ik nochris tsjin har, lûder no.

'Hi Dzjelle! Wil you bij ons sit?' frege Zhanna.

'Wat? Nee. Nee, ik woe allinne wat oan Femke freegje.'

'Ik bin drok,' sei dy. 'Dat sjochsto dochs?'

'Ja, eh, dat sil wol. Mar eh, ik frege my ôf... sille we no fan 'e middei te tennisjen?'

Ik ferwachte sa heal en heal alwer in noartsk en koart antwurd, mar dat foel wat ta. 'Dat kin net. Ik ha al mei Zhanna en Nicole ôfsprutsen. We sille mei ús trijen mei ús wurkstikken skiednis oan 'e gong.'

'Skiednis?' Ik tocht nei. 'Dat hoecht dochs pas nije wike in kear ôf?'

Se knikte. 'Ja, mar nije wike ha we ek al dy toets wiskunde, dy telt trije kear mei! Dus dêr moat ik my echt in pear dagen hielendal op fokusje. Dan kin it wurkstik skiednis mar better klear wêze.'

'Mar it tennis dan?' hold ik oan.

'Tsjja.' Se luts oan 'e skouders. 'Ik kin mar ien ding tagelyk dwaan.'

'You play tennis?' frege Zhanna my.

'Ja. Mei Femke,' antwurde ik koart om 'e hoeke.

'Kruuto! Cool!'

'Ja, hiel cool. Fertel dat mar oan Femke.'

Ear't se my yn har brabbeltaaltsje antwurdzje koe, wie ik alwer begûn oan 'e weromreis nei ús eigen taffeltsje, dêr't Merel en Jacob my nijsgjirrich opwachten.

'En?' frege Jacob.

Ik plofte del. 'Se draait wol wer by.'

Heit soe hjoed pankoeken bakke, syn spesjaliteit. 'Wat wolst derop?'

frege er doe't ik thúskaam.


'Dan kin ik dêr aanst rekken mei hâlde yn 'e supermerk.'

'Tsiis!' rôp ik entûsjast.

'En foar it oare?'

'Mear tsiis!'

'Net echt sûn,' lake er.



SIS TSIIIIIS!

‘Mar komt goed. Do mei tsiis, mem naturel mei fruchtsjes derop en dan in pear lekkere spekpankoeken foar my, wêrom ek net. We ite seis oere, goed? Giest tuskentroch noch mei Femke te tennisjen of moat der studearre wurde?’

‘Studearre,’ antwurde ik mismloedich.

‘Ja jonge, dat heart ek by it libben. Saken geane foar fermaken. Hokker fak?’

Ik besocht it my yn it sin te bringen. Hie ik letter dizze wike net in toets Ingelsk? En dan oare wike dy grouwe repetysje wiskunde dêr't Femke it al oer hie. ‘Alles en neat,’ sei ik dan mar.

‘Okee! No, mar gau los dan!’

Ienkear op myn eigen keamer hie ik lykwols hielendal net sa'n behoefte om in learboek iepen te slaan. Foar moarn hoegde ik dan ek net iens safolle te dwaan. Allinne as Wijma in SO maat-skippijlear jaan soe, kaam my dat wat ferkeard út. Mar op dat fak mochtest wol in ûnfoldwaande stean sûnder sitten te bliuwen, dat ik oerlibbe it wol. Foar de wissichheid seach ik op Magister. Sa min wie it dochs allegear net? Op it measte stie ik in seis of in sân, mear as genôch. Op gym sels in njoggen, sjoch ris oan. Ik appte nei Jacob oft we tegearre wat dwaan soenen, mar der kaam gjin antwurd. It soe dochs net sa wêze dat hy ek al drok oan it learen wie? It waard hieltyd slimmer. Merel gie ek al faker op 'e serieuze toer, en Femke wie hielendal in drama. Mei har stúdzjeklupke.

Ik goaide in tennisbal tsjin de muorre, en hy stuitere samar werom myn sporttas yn. Ik soe wer allinne nei de training kinne, mar ik spile no ienkear it leafst mei Femke. Soms gie ik mei in oar, Jacob bygelyks, mar dy koe der net safolle fan. It wie ferfelend om te maklik te winnen. Jacob spile leaver fuotbal, mar dêr fûn ik wer neat oan. Der sieten dan altyd fan dy klungels yn dyn team dy't de wedstriid foar dy ferprutsten. Dan hiest sels trije moaie goals makke, mar liet in flutkeeper der fjouwer troch en hiest noch ferlern. Nee, dan koest better tennisje.



Allinne, of heechút mei ien partner,
ien dy'tst blyn fertrouwe koest.

En fertrouwe die ik Femke, en sy my
ek. Doe't se har geheim dizze simmer
oan my fertelde, wie dat net neat, dat
snapte ik dalik. Ik mocht it abslút net
trochfertelle, dat hie ik har wol hûndert
kear tasizze moatten. Net op skoalle,
net op tennis, net iens oan myn âlden.
Dêr hold ik my fansels oan.



Ik hie gewoan gjin nocht om de learboeken derby te pakken en
boarte dan mar wat mei myn telefoan. Ik hie in skoftke lyn de
TOTO-app ûntdutsen dêr'tst jild ynsette koest op tenniswedstri-
den. Eins moastest dêr 18 jier foar wêze, mar op ynternet hie ik
in manier fûn om dêromhinne te kinnen. Ik krige as wolkomst-
bonus samar 50 euro, en dêr spile ik no mei.

Ik wie noch dwaande mei it útsykjen fan in wedstriid dêr't ik
hjoed op ynsette soe, doe't ik mem thúskommen hearde. Se
rûn fuort de treppen op, en gau pakte ik it earste it bêste boek
dat foar it gripen lei. Se kloppe kreas foar't se deryn kaam. 'Hoi
soan! Heit sei al datsto drok oan 'e stúdzje wiest!'

'Hmm-mm.'

'Hast moarn in repetysje soms?'

'Nee hear, mar in bytsje foarút wurkje kin gjin kwea,' húchele ik
troch de wurden fan Femke te werheljen.

'Hiel goed!' Mem striele hielendal. 'Heit seit dat we oer in
healoere ite sille. Kinsto dy dan út de boeken skuorre?'

'It sil wol moatte, tink?'

Mem knikte wakker, en gie wer nei ûnderen. Sa, dy wie ek wer
bliid. Ik gie werom nei de app en sette in tientsje yn op Nadal. Ik
seach nei de poster fan him dy't al jierren boppe myn bêd hong.
Rafael soe de wedstriid aanst seker winne, dêr wie ik wis fan.

Under it iten hâlde ik de score stikem by, mei de mobyl op 'e
skoat. Nei't Rafael de earste set maklik wûn hie, liet ik de tele-

foan mei in gerêst hert yn 'e broeksbûse sakje. No't it al hast net mear mis koe mei de ekstra sinten, smakken de pankoeken my noch wat better. Ik skrokte se sa gau nei binnen, dat mem har lûdop ôffrege wêr't ik it dochs allegear liet.



ÛNDER IT ITEN GJIN MOBYL!

'Sil wol in holle kies ha,' tocht heit. 'It tennisjen,' wist mem seker. 'Do sportst it der gewoan wer út. Hoe sit it dêrmei, trouwens? Wannear silst wer te spyljen mei Femke, it is neffens my al even lyn, net? Se hat hjir ek al in hiel skoft net mear west. Nûgje har wer ris út om by ús te iten, wolst?'

'Sil ik dwaan, dit wykein sille we wer te tennisjen.' Net dat soks al ôfsprutsen wie, mar it moast gewoan.

'Okee, moai. Jimme binne sa'n goed duo! Se is foar ús dochs in bytsje de dochter dy't we noait hân ha.'

Se moasten ris witte hoe't it werklik siet mei Femke! Myn mobyl makke in trilling, de app joech in update. Hie Rafael no al wûn? Dat wie dan wol koart om 'e hoeke yn de twadde set. Ik seach gau op it skermke, mar skrok doe. Achter Rafael syn namme stienen trije letters: *opg*. Ik klikte gau op it lêste tennisnijs.

Blessure dwingt Nadal tot opgave, stie dêr as kop!

'Wat is der, Jelle? Sitst no op dyn mobyl te sjen? Net ûnder it iten, no? Dat hiene we ôfpraat,' sei heit.

'Rafael hat in blessuere,' stammere ik.

'Spitich, mar noch gjin reden om de mobyl derby te pakken. Kom op!'

Ik stuts de mobyl wer yn 'e bûse. Rafael blesseare en tsien euro nei de bliksem!

Wijma eage entûsjast de klasse yn. 'Tassen op 'e tafel! SO!'

In kollektyf kreunen kaam út 23 mûlen. 'We ha straks ek al in repetytsje, menear!' besocht ien foaroan noch.

'In repetytsje en in SO op ien dei kin prima,' fûn Wijma. 'Ik ha

jim mar fjouwer siden húswurk opjûn, as jim dat gewoan leard ha, is der neat oan 'e hân. Toe mar jonges, pinne yn 'e oanslach. Fraach ien. Omskriuwen yn dyn eigen wurden it begrip kultuer en jou dêrby twa foarbylden.'

Kultuer? Hopeleas stoareage ik nei myn bledsje. Ik krabbele mar wat ûnsinantwurden op, yn 'e hoop dat it my in fifke of seiske foar de muoite brocht. Sa net, dan moast ik ek dat sifer letter mar wer in kear ophelje.

Ut myn eachhoeke wei seach ik in tel nei Femke; se wie drok oan it skriuwen. Se hie de stof fansels wer goed leard. Soms wie dat net sa min betocht, mar se moast it net oerdriuwe. Foardatst it yn 'e gaten hiest, waardst in nerd lykas Zhanna, en wa woe dat no?

Nei de les skeat ik Femke oan, foar't we ús eigen wegen nei ferskate fakken gienen. 'Hoe gie it?' frege ik har.

Se striele. 'Ja, goed! It wienen ek wol hiel maklike fragen. Ik bedoel: wat is kultuer, en dan ek noch yn eigen wurden!'

'Ja, moai wie dat,' liigde ik. 'Sis, myn âlden seinen datsto dit wykein mar wer ris lânskomme moatst, om by ús te iten. Miskien nei it tennisjen? Spilest leaver op sneon of op snein? We kinne ek beide dagen dwaan, we rinne wat achter yn ús training.'

'Pfoeh, dat is hiel aardich fan harren, mar dat sit der ek dit wykein net yn, bin ik bang. Dat wurkstik fan skiednis is echt in protte wurk, ik soe dêr ek mar fêst oan begjinne as ik dy wie.'

'We dogge it tegearre,' sei ik samar ynienen. 'We wurkje tegearre oan it wurkstik. Nei de training. Of derfoar.'

'Mar do moatst dochs noch begjinne?'

'Ja, no, dan kinsto my moai op wei helpe, of net soms?'

Se lake sawier. 'Dat soest wol wolle. Ik ha it oant no ta mei Nicole en Zhanna dien, en we rinne moai lykop mei-inoar. We sille it dit wykein ôfmeitsje. Dus nee, silst it sels dwaan moatte! 'En tennis?' frege ik foar de wissichheid.

Se skodholle.

It fielde fernederjend om myn âlden te fertellen dat Femke net komme koe. Ik makke der mar fan dat se al oare plannen hie.

Eins wie dat ek sa. Plannen sûnder my. Heit en mem dienen der loftich oer, mar ik begûn my lik te meitsjen. Die ik ferdoary it foarstel om tegearre te learen, wiisde Femke dat gewoanwei ôf! En wer fanwegen dy Zhanna, dy trut. Wat die se hjir eins, koe se net wer werom nei har eigen lân?

Dan gie ik mar allinne te tennisjen. As ik prof wurde woe, koe ik it trainen net altyd ôfhingje litte fan myn tennispartner. Doe't ik de baan opkaam, groete Stefan my: 'Ah Jelle, dêr wiest wer.

En Femke? Dy ha ik al in tydsje net sjoen.'

'Se komt nije wike wer. Se moast no leare.'

'Ja, ja, de grutte skoalle. Dy hat al in protte karriêres de nekke omdraaid.' Stefan knikte betochtsom. 'Gjin probleem fansels, mar se moat ek wer net te faak misse. Jimme wolle de *Fryslân Future Cup* dit jier spylje, no?'

'Wy wolle de *Fryslân Future Cup* dit jier winne,' ferbettere ik him, wylst ik myn racket út 'e tas helle.





It libben wie mar saai sa sûnder Femke. Sûnt se in pear moanne lyn mei Zhanna en Nicole in stúdzjeklupke begûn wie, wie it dien mei ús tennisjen. It hiele winterseizoen wie ferlern gien. En no? Moast ik in nije partner sykje? Stefan hie soks foarsteld, mar dat woe ik eins net. Femke wie de beste spylster fan myn leeftiid. Wat koe ik sûnder har?

Op in snein stie ik op it punt om ek mar thús te bliuwen, oant ik wer nei de poster fan Rafael seach. Mei de fûst omheech like it as soe er my in klap ferkeapje wolle. *Just do it!* Ik moast troch-traine, miskien kaam Femke wol wer werom. En oars moast ik my earst rjochtsje op myn inkeldspul, dat koe ek gjin kwea. Foar it dûbeljen kaam dan wol in nije partner as ik ienkear prof wie. Mar it leafst soe ik mei Femke de dûbel dwaan!

Under siet mem oan 'e kofje in boek op har iPad te lêzen. Se seach op. 'Giest te spyljen, soan?'

'Ja, Stefan ferwachtet my. Meastal jout er gjin les op snein, mar hy sei dat er hjoed op 'e klup wêze soe. Miskien dat we wat oan myn backhand wurkje kinne.'

'Okee.' Mem sette har kofje del, dat wie in min teken. 'Wurdt it dy net tefolle? Ik bedoel; ek mei skoalle en sa? Do hast it mar drok!'

Ik helle myn skouders op. 'Tennis is alles foar my en skoalle kin ik no ienkear net ûnderút.'

'Nee, dat bedoel ik. Ik ha fan 'e moarn even op Magister sjoen. Dyn sifers binne net geweldich. Net ferfelend bedoeld, mar skoalle is úteinlik wol wat wichtiger as it tennisjen.'

Foute boel. 'Hoe kin mem soks no sizze!?' Ik wol prof wurde, dat wit mem dochs?'

'Ja ja, en dat is ek hartstikke moai, en we stypje dy dêryn, mar do



WISTEN JIM DAT...
FEMKE IS...



DÊR IS IT GAT
FAN DE DOAR!

moatst dyn sifers wol goed hâlde.' Se fronsele. 'Foar no giet it noch krekt, mar seiskes wurde fansels fiven en foardatsto it witst, bliuwst sitten. Do witst wat der mei Thijs bard is.'

'Thijs is gewoan dom,' oardiele ik. Myn neef wie trije kear sitten bleaun en doe fan skoalle stjoerd.

'Hy is hielendal net dom, mar wol in bytsje lui. En mear ynteresseare yn eh... no ja... sosjale kontakten as yn skoalle.'

Sosjale kontakten ek echt! 'Yn famkes,' prottele ik.

'Yn famkes ja. Neat mis mei, en mei tennis ek net, mar skoalle giet altyd foar. As it neat wurdt mei dyn tenniskarriêre, dan kinsto altyd weromfalle op in stúdzje en in fak leare. Wat as dyn knibbel bygelyks minder wurdt?'

'It wurdt wol wat mei myn tenniskarriêre,' sei ik stûf, wylst ik de doar útstapte. 'Dy knibbel is bêst, dy docht hielendal gjin sear mear!'

Noch likk oer mem har wurden fytste ik nei de tennisbaan. Soe Rafael doe't er jong wie ek sa lestich fallen wêze troch *madre* Nadal? Fêst net. En ik wist ek seker dat al syn klasgenoaten fan doe no graach mei him ruilje woenen, ek al hienen se op skoalle folle bettere sifers hân.

Myn humeur sakke noch fierder doe't Stefan my in stevige kondysjetraining joech. Ik rûn wol in healoere oer de baan, sûnder in bal te reitsjen. Mar ik liet my net kenne, en die gewoan alle oefeningen. Uteinlik hie er my genôch ôfbeuld, en spilen we backhand op backhand. Hurd, slice, slice, hurd.

'Sjocht der goed út,' fûn Stefan nei ôfrin. 'Dyn spul giet foarút. Hoe is it mei de knibbel?'

'Bytsje sear,' moast ik tajaan.

'Mar gau wat kâlds derop. Ik woe dy hjoed ris wat teste, dêrom de kondysjetraining. Wat sei de fysio?'

'Dat it wol klear komt,' liigde ik. De bernefysio hie it wakker oer rêst hân, mar dat koe ik my net permittearje.

'No, dyn backhand rint yn alle gefallen as in tierelier. Spitiger-nôch kin ik net itselde fan Femke sizze. Dy waard juster behoarlik ynmakke.'

Ik skrok op. 'Femke? Ynmakke? Se wie hjir te spyljen?'
'Ja, mei in freondinne. Koest wol sjen dat Femke in pear moanne net tennisse hie.'

Ik ûntplofte hast. Hieltyd wer hie ik har frege om te spyljen, en hieltyd wer dat geëamel fan *nee ik moat leare en der komt in toets oan en op dat fak stean ik noch mar in acht en dat moat in njoggen wurde*. En dan hie se no gewoan mei in oar spile? Mei wa dan wol? Dy nerds dêr't se no mei omgie, seach ik net sa gau in racket oppakken.


De oare deis fytste ik noch like woest nei skoalle. Hoe langer at ik deroer neitocht, hoe kloateriger ik it fan Femke fûn. Se hie my op syn minst belje kinnen dat se spylje soe. Mar nee, se hie it sneaky dien, sûnder my wat te fertellen. Mei dy mysterieuze freondinne fan har. Fêst ien fan 'e tennisklup, dy't har dus ynmakke hie. Dat sei genôch oer Femkes gebrek oan training de lêste moannen; dy fammen koe se eartiids altyd maklik oan. De skoalwike begûn mei biology. Wa't dat oait betocht hie, wie ek net goed by de holle. Frou Hartman wie oars like fleurich, en gie der ris goed foar sitten. 'Jimme witte wol dat it foarjier der wer oankomt.' Se wiisde nei bûten. 'De tiid dat alles yn bloei stiet en der wer jonge bistjes berne wurde. Hjoed sille we it ris ha oer it hoe en wêrom. Slach jim boek mar iepen op it haadstik oer fuortplanting.'

In sucht gie troch de rûmte. Dat koe der ek noch wol by. Ik eage de klasse troch. Foaroan siet Femke alwer driftich notysjes te meitsjen. Merel siet der rêstich neist. Hienen dy twa soms te-gearre te tennisjen west? Nee, dat koe ik my net foarstelle. Ik hie Merel wolris spyljen sjoen; dat wie mear huffe foar de leuk. Nee, Femke moast in oare tennispartner ha. Soe se soms mei in oar meidwaan wolle oan 'e *Fryslân Future Cup*? Wat in kloatestreek soe dat wêze!

'Fuortplanting en seks binne hielendal gjin aaklike of fize wurden,' gie Hartman ûnderwilens rêstich fierder. 'It is hiel gewoan en natuerlik. Jimme krije der allegear mei te krijen. Kinst it dy no miskien noch net foarstelle, mar oait wolle jim mooglik sels

ek wol bern. Lykas jim âlden ek bern ha woenen. Jimme binne it libbene bewiis.'

Femke hie achterbaks dien, ik koe har net fertrouwe, tocht ik, wylst frou Hartman har praatsje hold. Achter myn rêch om te tennisjen, in nije partner sykje, sûnder it my te fertellen. En dat wylst ik der altyd foar har wie! Ik hie sels har grutte geheim bewarre, it noait oan ien trochferteld. En hoe betanke se my? Troch my te ferrieden, dat is it! Dy trut!



Frou Hartman kaam ta har konklúzje: 'Want njoggen moanne foardat jim âlden jim krigen, hienen se seks.'

In lûd fan ôfkear gie troch de klasse, en ik rôp der boppeút: 'Net allegear, hear!'

Yn ien klap wie it stil. Elkenien seach om nei my, en frou Hartman hie in glimke om 'e mûle. 'It spyt my om it te sizzen Jelle, mar ek dyn âlden ha doe seks hân. Oars sietst hjir net.'

Der klonk wat senuweftich laitsjen. Femke die fêst ek mei, tocht ik noch. Dêrtroch ûntplofte ik definityf. 'Mar net allegear,' sei ik skel. 'Net Femke har âlden.'

Frou Hartman seach skrokken. 'Jelle, wat seist no allegear?' 'Nee!' skreaude Femke.

Mar it wie te let, ik koe net werom. 'Femke har âlden net,' sei ik, 'want sy is adoptearre!'

Fan it iene op it oare momint wie it in gaos fan jewelste. Femke stoarme mûlgûlend it lokaal út, en Merel fleach har daliks achternei. Frou Hartman rôp ûnderwilens: 'Wat blinder... wat is hjir oan 'e hân?'

'Femke is adoptearre,' werhelle ik, sêfter no.

‘No, en?’ Der wie net folle fan frou Hartman har fleurigens oer.
‘Dus... dus... dat kloppe net, wat jo seinen. Oer de âlden.’
‘Jemich man!’ rôp Bastiaan yn myn rjochting. ‘Dat seist dochs
net samar? Lull!’
‘Bastiaan, sokke wurden brûke we hjir net!’ Frou Hartman knipte
twa kear mei de fingers. ‘Allegear rêstich bliuwe, lês sels it haad-
stik mar troch. En do,’ se wiisde mei in útstutsen earm nei my,
‘do komst mei.’
‘Wêrhinne?’ frege ik tusken bretaal en bangens yn.
‘Hoekstra.’

‘Kom deryn.’
Frou Hartman hie my suver troch de gongen sleept, en triuwde
my no de keamer fan de konrektor yn. Dy seach ferheard op
doe’t er ús seach. ‘Jacqueline, sa betiid al troubles mei de jeugd?
De wike is amper úteinset!’
‘Dit is Jelle Postma út 1d. No, fertel mar wat der niis bard is.’
Hoekstra seach my freegjend oan, mar ik treuzele skynber te
lang, want frou Hartman die it wurd al foar my. ‘Jelle rôp niis yn
'e klasse dat Femke Wieringa adoptearre is. Femke is doe gûlenda
ta it lokaal útflein.’
‘Soa,’ sei Hoekstra. Hy skrok sa te sjen net al te bot, en seach
my kalm oan. ‘Sis ris, Jelle, wêrom seidest dat?’
‘Omdat it wier is!’ antwurde ik.
‘En hie Femke dy dat frege, om soks lûdop oan iderien te
sizzen?’
‘Dat net, mar de les gie oer fuortplanting, en...’
‘Ah.’ Hoekstra stuts syn hân op. ‘Ik krij der al in byld by. Tank
Jacqueline, ik hannelje dit fierder wol ôf. Gean do mar werom
nei de klasse, dan prate we yn 'e pauze fierder.’
Sûnder noch in wurd te sizzen, gie frou Hartman fuort. De doar
foel mei in klap achter har ticht.
‘Dus, Femke is adoptearre, seidest?’ frege Hoekstra ynteres-
seare. ‘Dat hat se dy sels ferteld?’
‘Ja.’
‘Wannear dat?’ Hoekstra pakte der pinne en papier by.

Ik tocht nei. 'In jier lyn of sa? We sieten doe noch op 'e basis-skoalle. Har âlden hienen it har doe krekt ferteld.'

Hoekstra knikte betochtsum. 'Dan moatte jim wol goede freonen wêze, as se dy dêroer yn betrouwen nimt.'

'Ja, seker! Al is it de lêste tiid minder. Se wol net mear mei my tennisje.'

Hoekstra seach op fan syn papier nei dy draai. 'Net mear mei dy tennisje,' werhelle er. 'Dat is ek ferfelend!'

Einlik ris ien dy't my begriep! 'Dat is it ek, menear! En doe kaam ik derachter dat se mei in oar tennis hat dit wykein. Miskien ek wol faker as ien kear!'

'Achter dyn rêch om!' sei Hoekstra, wylst er wer oan syn briefke wurke.

'Presys menear.'

'En doe waardsto ûnder de les lilk, en rôpst dat se adoptearre wie.'

'Sa is it gien.' Tefreden leunde ik achteroer, wylst Hoekstra syn oantekening ôfrûne.

Sûnder op te sjen sei er ynienen: 'Jelle, sjoch ris achter dy?'

Ik seach om, mar dêr wie neat te sjen. Freegjend draaide ik de holle wer nei Hoekstra, dy't klear wie mei syn briefke en it my oerjoch. Hy seach my no streekrijocht oan. 'Achter dy is it gat fan 'e doar.'

Ik wie te ferbjustere om te reagearjen.

'Heardest my net? Opdonderje!'

'Ik... ik kin werom nei de les?'

pipe ik út.

'De les!?' Hoekstra syn lûd gie de hichte yn en hy priemke in finger yn myn rjochting. 'Do giest opslach nei hûs ta, en joust dat oan dyn âlden.' Hy wiisde nei it briefke.

Pas no lies ik wat derop stie.

*Jelle is hjoed nei hûs ta stjoerd, en wurdt moarn pas wer op skoalle ferwachte. Ik wachtsje op in telefoantsje fan jo.
Konrektor Hoekstra.*



‘Mar...’ begûn ik.

Ik krige de kâns net, Hoekstra prate deroerhinne. ‘Do tinkst thús mar ris goed oer dyn sûnden nei. Ferspriedst gjin geheimen fan dyn bêste freonen, bist net wiis? Bist dochs gjin lyts bern mear?’

Flokkend ried ik op 'e fyts nei hûs ta. Gjinn lyts bern mear, nee! Wêrom sei elkenien dat? Okee, it wie in rotstreek dy't ik Femke flikt hie, mar wie sy dan safolle better? In bytsje achter myn rêch om mei in oar te tennisjen gean? Se liet my gewoan stikke! It wie noch foar healwei tsienen doe't ik de fyts yn it hok sette. Earst hie ik noch fan doel west om wat om te fytsen en in moaie smoes te betinken, mar doe kaam it briefke my yn it sin. Hoekstra ferwachte in telefoantsje fan heit of mem. Dan koe ik better heit ha, dy wie meastal wat mylder.

Hy siet mei in bakje kofje derby oan in dokumint te tikjen. ‘Jelle, bisto dêr al? Wat is der, bist siik?’

Swijend joech ik him it papierke fan Hoekstra. Hy lies it gau troch, klapte de laptop ticht en dirigearre my nei de bank. ‘Sis it mar.’ Syn stim klonk stranger as dat ik fan him wend wie.

Ik fertelde him wat der bard wie, en ek dat ik wier wol in reden hie om lilk op Femke te wêzen. Hy harke geduldich oant ik klear wie. ‘Dat is it?’ frege er doe.

‘Ik bedoelde it net sa,’ sei ik noch gau.

‘Wêrom diesto it dan?’

‘Ik wie lilk.’

‘Ja. Ja.’ Heit like mei himsels yn gedachten. ‘Gean do earst mar nei boppen. Mem komt hjoed betiid thús, om in oere of twa. Dan betinke we wol wat we fierder dwaan sille en belje we ek dyn konrektor.’ Hy skodholle. ‘In minne beurt, Jelle. Dat hie ik

net fan dy tocht.’

It waard in lange, ferfeelsome dei. Stom wie dat: as ik op skoalle siet, koe ik net wachtsje ear't ik wer nei hûs ta koe. En no't ik



thús wie, woe ik dat ik gewoan op skoalle siet. Ik woe by myn freonen wêze, by Merel, Jacob en Femke. Ut lilkens en ferfeling socht ik op de TOTO-app de wedstriid fan Djokovic op, en sette al myn oerbleaune sinten op him yn. It wie hast 25 euro, mar Djokovic soe net ferlieze, dat bestie gewoan net.

Ien kear kaam heit even boppe om it hoekje te sjen, mar hy sei neat. Heit en mem namen altyd alle besluten tegearre, dat hy wachte op har. Om twa oere hearde ik har it hiem opkommen. Se kaam net lykas oare dagen dalik boppe, mar pas nei in healoere, en tegearre mei heit. Ik sette my skrap.

Se kamen deryn mei krekt sa'n blik yn 'e eagen as de dei dat se my fertelden dat ús hûn Bozo stoarn wie. 'We ha mei dyn konrektor belle,' begûn heit. 'Do hast my fan 'e moarn yn elk gefal de wierheid ferteld, dat wie goed fan dy.'

Tsja, safolle kar hie ik net hân, oars hie ik it echt wol foar my hâlden.


'We binne wol hiel bot teloarsteld yn dy,' gie heit fierder. 'Do hast it betrouwen fan Femke skeind, dat hie noait moatten. Net op dizze manier. As der wat is dêr'tsto mei omrinst, dan kinst altyd by ús komme of oars by de mentor op skoalle. Mar kinst fansels net samar fan alles troch de klasse raze. Ik tink dat it Femke in hiel soad fertriet dien hat. Ik begriep fan Hoekstra dat se gûlend nei hûs ta gien is.'

Dat die sear. 'Hoe is it no mei har?' frege ik sêft.

Mem naam it oer. 'Dat witte we net. It liket ús it bêste datsto no fuortdalik dy kant opgiest, en har dyn ekskús oanbiedst.'

Ik fielde my ûngelokkich by dy suggestje. 'Se wol my no fêst net sjen.'


Mem har stim klonk beslist. 'Dat is oan har, net oan dy.'



IT SPYT MY...



ACH JUH...
IN PEAR MINNE
SIFERS MAR!



Ik gie te rinnen nei Femke en dy. Soks joech my wat mear tiid om goed nei te tinken oer wat ik har no presys sizze soe. Mar doe't ik ienkear foar harren hûs stie, wie ik noch net folle fierder kaam. Ik hope mar dat der gjinien thús wie, mar dat mocht net sa wêze; der kaam al gau ien oan 'e doar. It wie Femkes mem, de eagen read fan it gûlen. Ek dat noch.

'Hoi, eh, frou Wieringa. Ik eh... is Femke der ek?'

'Ik sil sjen oft se mei dy prate wol,' sei frou Wieringa koartôf. Se liet my bûten stean en die de doar wer heal ticht, as om dúdlik te meitsjen dat ik net samar mear wolkom wie yn harren hûs. Se stommele de treppen op, yn 'e rjochting fan Femke har keamer. Ik hie dêr faak west, mar de lêste kear wie al wer in pear moanne lyn. Soe se dêr no alles feroare ha? Soe se de poster fan Serena Williams fan 'e wand helle ha? En ien fan Einstein ophongen, tink? Of in oare nerd? Dêr wie it úteinlik allegear mei begûn. Nei in minút fan bang wachtsjen hearde ik twa persoanen de treppen ôfkommen. Ik ferwachte dat it Femke wie dy't mei har mem nei ûnderen kaam, mar it wie menear Wieringa. Hy seach mar serieus, sa't ik him hielendal net koe. Normaal wie er de fleurichste man fan it doarp. 'Kom der mar even yn, Jelle,' sei er sêft, en hy wiisde nei de keamersdoar.

Ik trape yn it haltsje automatysk de skuon út. Sa hie ik it hjir altyd dien, as oft it myn twadde thús wie. Frou Wieringa gie my foar nei de keamer, Femkes heit kaam achter my oan. Krekt twa oppassers yn de finzenis dy't my nei de sel brochten. De klok yn 'e keamer sloech trije kear. Sjit, tocht ik, ek nochris gjin tennis hjoed. Stefan soe him wol ôffreegje wêr't ik dochs bleau.

Femke har mem pakte poes Popke fan 'e bank en wiisde my it frijkommen plak. Popke socht miauwend in oar plakje op om te

sliepen, wylst ik sitten gie, stil.
'Femke is nochal oerstjoer, no.
Se wol net mei dy prate,'
sei frou Wieringa sa te sjen wer
rêstich. 'Se hat ús ferteld wat
der fan 'e moarn bard is.'
Ik knikte. Ik hie yn elk gefal
myn bêst dien, dêr koenen heit
en mem neat fan sizze.
'It spyt my,' sei ik simpel. 'Ik wie lilk
op Femke, en doe... ja, doe floepte
dat derút.'
'Dat se adoptearre is,' sei mear Wieringa.
'Ja. Dat ja.'

'Witsto wol wat soks betsjut?' frege er ynkringend.
Ik liet de fraach op my ynwurkje. 'Dat betsjut dat jim eins net
har âlden binne,' sei ik stadich.
'Nee, dat betsjut it net,' sei er kalm. 'Sjoch, Nora en ik woenen
al hiel lang bern ha, mar dat slagge mar net. Doe ha we ús
oanmeld as adopsjeâlden, en krigen wy op in dei de soarch foar
Femke. It wie de moaiste dei fan ús libben.'
'Wat is der mei har echte âlders bard?' frege ik. 'Ik bedoel... no
ja... de biologyske...'

'Dat giet dy neat oan!' foel Femke har mem lilk út.
Har man lei in hân op har earm. 'Rêstich mar, Nora.' En nei
my ta: 'Mar se hat wol gelyk, Jelle. Dat giet dy neat oan. It giet
allinne ús eigen húshâlding, dus ús twaen en Femke, wat oan.
Wat ik allinne sizze kin, is dat Femke foar ús it moaiste geskink
wie dat we mar krije koenen. Ien dêr't we al gjin rekken mear
mei holden. Moatst witte, we binne wól har âlden. Miskien net
biologysk, mar wol mei ús hert en siel.'

Frou Wieringa begûn sêft te gûlen, en har man wreau har leafde-
fol troch it hier. 'We ha it sa goed mooglik dien. Doe't we it
Femke fertelden, wie it...' Hy tute de lippen en blaasde even. 'Dat
wie dreech, foar ús alle trije. Mar se docht it fantastysk. Se wol
no dokter wurde, om ûnfruchtbere manlju en froulju dochs oan



in baby te helpen.' Meneer Wieringa begûn ek te slokken. 'Dat fine we sa prachtich. Se wurket sa hurd op skoalle, om dêrfoar letter fierder studearje te kinnen.'

Beskamme rûn ik wer nei hûs. De wurden fan Femke har heit en mem wienen hurd oankommen. Ik hie nochris sorry sein, wêrnei't har mem op 'e nij nei Femke har keamer gien wie. Se kaam skodholjend werom: Femke woe my net sjen.

Doe't ik thúskaam, wie heit ierappels oan it skilen. 'Hoe gie it?' frege er koart.

'Se woe net mei my prate,' antwurde ik. 'Mar har âlden wol.'

'Hast dyn ekskús oanbean?'

'Wol trije kear.'

'Miskien moatst it noch wol trije kear dwaan. Miskien noch wol tritich kear. Dat is dan mar sa. Do witst datsto it behoarlik fer-kloate hast, no?'

Sokke wurden brûkte heit allinne as er echt lilik wie. 'Ja heit,' sei ik dimmen, 'ik wit it.'

'Moai sa. Do besikest it moarn mar wer.'

'Ja.' Ik seach om my hinne. 'Wêr is mem?'

Heit goaide in ierappel yn 'e panne. 'Op skoalle.'

Ik seach ferheard. 'Op skoalle? Hokker skoalle?'

'Dyn skoalle. Dyn konrektor, Hoekstra, woe graach ris face to face mei ien fan ús prate.'

Mei in beroerd gefoel sette ik de oare deis myn fyts yn it rek. Skou seach ik om my hinne. De skoalle like ynienen wol in plak te wêzen dêr't ik net langer thúshearde. Mar miskien hie ik dêr wol noait thúsheard, hie ik better sitten bliuwe kinnen yn groep 8 fan 'e basisskoalle. Dêr wienen we gewoan oan it knikkerjen yn 'e pauzes, yn plak fan oan in tafel sitte te praten. Dêr wienen we nei skoaltiid gewoan frij, yn plak fan gedoch mei húswurk. Eins wie it hjir mar kloaten. Ik wie bliid dat ik in bekend gesicht seach, Jacob kaam krekt nei my oan. Ik begroete myn freon dan ek entûsjast. 'Yo, Jacob! Bliid dy te sjen, man!'

Skodholjend sette er syn fyts te plak. 'Wat in rotstreek,' sei er

allinne mar. Tsja, ik hie ek net ferwachte dat sa'n ferhaal net fierder ferteld wurde soe.

'Net do ek nochris,' suchte ik. 'We binne freonen, no?'

'We binne freonen, ja. Mar Femke is ek in freondinne,' sei er fûl.

'En freonen dogge soks net. As ik dy wat geheims fertel, klapst dat dochs ek net samar troch?'

'Nee, fansels net,' ferdigene ik mysels. 'It wie gewoan stom. It spyt my, mar it is no ienkear bard. Ik kin der no neat mear oan dwaan.'

'Hmm.' Jacob like mar heal oertsjûge. 'Merel is ek echt liik. Dy wol even neat mei dy te krijen ha, sei se juster.'

Mei pine en muoite kaam ik de earste twa lessen troch. Yn 'e pauze siet Merel by Femke en de stúdzjebollen. Ik wist wat my te dwaan stie as ik dat shitgefoel oait kwytretsje woe. Ik stapte der mei grutte passen op ôf. 'Femke, ik wol mei dy prate.'

'Ik net mei dy,' kaam dalik it antwurd werom. De rest fan 'e groep siet der mar stil by.

'It spyt my ferskriklik. It wie stom. Ik soe it graach weromdraaie wolle, mar dat kin net.'

'Nee, dat kin net. Lit my no mar mei rêst!'

'Femke...' besocht ik op 'e nij.

'It hat gjin doel, Jelle,' sei Merel.

'She wil niet met you praten,' folle Zhanna oan.

'It is better datst har even allinne litst,' rûne Nicole it petear ôf.

It leafst hie ik se alle trije frege wêr't se har wol net mei be-muoiden, mar dat like my no net sa taktysk. Ik moast it earst mar sa litte, hoe ellindich at dat ek fielde.

Oan de ein fan 'e dei hienen we wer biology. Ik hie dêr de hiele dei tsjinoan sjoen, en by it yngean fan it lokaal fielde ik noch mear as by de oare lessen de eagen op my rjochte. Ik siet neist Herman, dy't al sa ûngelokkich seach, as oft myn misdied as in besmetlike sykte ek op him oergien wie. Gelokkich sei er der neat by, en ik krige al wat hoop dat ik no miskien it slimste hân hie. Noch ien oere, dan mocht ik nei hûs. Miskien wie moarn

elkenien myn stommiteit wol wer fergetten, en wie der wer in nij drama dêr't we ús op rjochtsje koenen.

Myn optimisme hie lykwols bûten frou Hartman rekkene.


Se tikke trije kear strang op har buro en it wie opslach stil yn 'e klas. Doe knikte se bemoedigjend nei Femke, dy't oereinkaam. Elkenien hold de siken yn. Dêr stie se dan, senuweftich.

'Hoi, eh, hoi allegear. Juster wie it in stomme dei. Der waard yn 'e les sein dat ik adoptearre bin, en dat is ek sa. Doe't ik noch hiel lyts wie, noch mar in baby. Hoe en wat giet gjinien wat oan, en ik wol der fierder ek net oer prate, dus stel my gjin fragen.' Se seach nei frou Hartman, dy't har in koart knikje joech en sei noch: 'Ik leau dat de les dêroer giet.'

'Dat kloppet Femke, tankjewol. Do bist hiel dapper datsto dit foar de klasse sa goed útlein hast. Do hast ek hielendal gelyk, it giet fierder gjinien wat oan. Mar dêrom is it noch wol in ûnderwerp foar biology. We komme nammentlik ek yn it bisteryk alle mooglike soarten fan adopsje tsjin.'

Wylst frou Hartman har les ôfdraaide, skromfele ik by elk wurd fierder yninoar. Ik moast boete foar myn fergryp, dat wie wol dúdlik.

Underweis nei hûs kaam der samar in tryste gedachte by my op: Femke en ik soenen noait wer freonen wurde. Ik hie oant no ta tocht dat har hurde learen in faze wie. Mar dat wie net sa. Se woe letter studearje en dan dokter wurde. No, hoelang moast immen dy't dokter wurde woe wol net nei skoalle? Se soe wylst fêst net folle tiid ha om te tennisjen. Dat hie se no al net. Net mei my yn elk gefal! Dat stuts noch it measte. Mei wa hie se sneon no spile? Segrinich kwakte ik myn fyts yn it skuorke. Okee, ik hie in fout makke, dat snapte ik sels ek wol. Mar soks koe dochs ris in kear barre? Fertsjinne ik dêr dan de deastraf foar of sa? Binnen sieten heit en mem my op te wachtsjen. Der stienen trije kopkes tee op 'e keukentafel. Dat foarsei net folle goeds.



‘Dei soan, gean sitten,’ sei heit.

Ik die wat er fan my frege.

‘We wolle ris mei dy prate,’ sei mem. ‘Serieus prate.’

‘Ik ha dochs sein dat it my spyt?’ sei ik.

‘Net dêroer. Of ja, ek wer wol. Ik ha juster mei dyn konrektor sprutsen, Hoekstra. It wie in lang petear.’ Se naam senuweftich in slokje fan har tee. ‘Mar it kaam derop del dat it net goed giet op skoalle.’

‘Falt wol wat ta,’ fûn ik.

‘Falt net ta,’ batste heit der gelyk oerhinne. Hy koe dan samar ynienen strang wêze, as ik mem of him tsjinspruts. ‘We ha dyn sifers ris goed besjoen, dy sakje hieltyd fierder. Neffens Hoekstra stiest foar it kommende rapport al op trije ûnfoldwaanden.’

‘Twa,’ sei ik ta myn ferdigening.

‘Trije, sadree’tst it sifer fan dyn lêste SO maatskippijlear weromkrigest,’ sei mem. ‘Hoekstra hat it my sels sein.’

Sjit, dy hie ik dus ferprutst. ‘Op maatskippijlear kinst net sitten bliuwe,’ sei ik wiisnoazich.

‘Mar op dy oare fakken al,’ naam heit it wer oer. ‘En trouwens, dyn sifers binne sowieso net goed genôch. Asto der net hurder oan lûkst, bliuwst it oare jier wol sitten. Hast in falske start make op ’e middelbere skoalle, Jelle. Dat is ferfelend, en dat lûke wy ús persoanlik ek oan. We hienen der wat mear boppe-op sitte moatten. Miskien ha we dy net genôch pusht, hienen we tocht datsto sels wol it heft yn hannen nimme soest. Dêr bist no grut genôch foar, tochten wy.’

Eins wol er sizze dat ik noch mar in lyts bern bin, skeat troch my hinne. En dat allinne fanwegen in pear minne sifers! ‘Der binne belangriker dingen...’ besocht ik noch, mar heit kappe my alwer ôf.

‘Dêr wolle we it ek mei dy oer ha. Sjoch, dyn twadde rapport like nearne nei, dat is al net mear te rêden. Foar it tredde ferwachtsje we in serieuze ferbettering. Dêrfoar moatsto oan ’e stúdzje. Dyn mem en ik ha besletten datsto oant dy tiid ta net mear nei it tennisjen giest. We ha Stefan niis al belle.’

It is net earlik, Rafael!

Ik balle myn fûst, krekt sa as myn held op 'e poster. No hienen heit en mem my it ienige leuke yn myn libben ek noch ôfpakt! En wêrom? Allinne mar fanwegen dy stomme skoalle! Begriepen se dan net dat net elkenien sa'n stúdzjebol lykas Femke, Nicole of Zhanna wêze koe? Foardat ik myn sifers ophelle hie, wie it sa twa moannen letter! Ik koe dochs net samar in pear moannen tennislessen misse? Hoe soe it dan mei de *Fryslân Future Cup* komme? Ik koe my der net ta sette om myn stúdzjeboeken iepen te slaan. De sitewaasje wie hopeleas.

Om de sinnen te fersetten iepene ik de TOTO-app en seach dat Djokovic syn wedstriid ûnferwachts ferlern hie. Al myn sinten kwyt! Gau stoarte ik in nij bedrach, myn gelok soe dochs wol in kear draaie?



SHIT! AL MYN
SINTEN KWYT!

FILMKES
SJEN?





HURD WURKJE
BETELLET HIM
SEKER ÚT.



DER IS HIELENDAL
NEAT MEAR OAN,
SHITLIBBEN!





De dagen en wiken sleepten har mar troch. Elke kear wer dy ellinde fan wiskunde, Ingelsk en skiednis. Fan húswurk meitsje. Fan net tennisje meie. Der wie hielendal neat mear oan. Gelokkich dienen de measte bern op skoalle wol wer normaal tsjin my. De stoarm oer myn stomme aksje wie wat lizzen gien. Nije rûzjes waarden útfochten, in steltsje yn ús klasse die och sa ferlyfd en der waard kletst oer menear Van Beek dy't in nije freon-dinne hie dy't likegoed syn dochter wêze koe.

It hiele adopsjeferhaal fan Femke wie wat fuortsakke. Mei Jacob koe ik wol wer goed opsjitte, en ek Merel makke net al te folle stikelige opmerkings mear tsjin my. Mei Femke sels hie ik lykwols hast gjin kontakt mear. Se negearre my meastal en as we al mei-inoar praten, wie it mar oerflakkich. Har fanatike studearjen hie sukses; by it oplêzen fan 'e sifers wienen it by har allegear achten en njoggens, soms sels in tsien. Ik koe it krekt sa'n bytsje op seiskes hâlde. It koe wolris kile kile wurde, mar it slagge my gewoan net om my echt ta it húswurk te setten.

Lykas altyd fytste ik allinne nei hûs. Ik wie mar wurch, en hie nergens mear nocht oan, no't ik net mear tennisje mocht. It wie al in moanne lyn dat ik foar it lêst op 'e baan stie. Ik fûn de dagen sa hielendal net leuk mear, al die elkenien krekt oft alles fierder noch hieltyd itselde wie. Heit stie dan ek wer gewoan yn 'e keuken doe't ik thúskaam. 'Ha, dy soan! Hjoed is it wer ris tiid foar lekkere pankoeken, tocht ik sa! Wat wolst derop ha?'

'Makket neat út,' sei ik.

'Tsiis dan?' frege er troch.

'Whatever. Ik gean oan it húswurk.'

'Okee, sukses.' Hy knikte my ta. 'Hee, en kop op, hê?'

Sûnder him te antwurdzjen gie ik de treppen op. De fjirtjin treden nei boppen fielden allegear leadswier oan. Neat like mear maklik te gean.

Wat in shitlibben hie ik sa eins. It iennichste dat my noch wat wille brocht, wie de app fan TOTO. No ja, wille... spanning mear. Ik hie der de lêste tiid best wat sinten mei fergriemd, mar dat wie om't ik ek wol pech hân hie. Dat Rafael krekt doe in blessuere krige, dat hie ik dochs ek net witte kinnen? Of dat Djokovic samar ferrassend dy wedstriid ferlear? En letter noch in pear fan datsoarte misslaggen. By eintsjebeslút ferlear ik mear as dat ik wûn. Ik hie lêsten wer in pear tientsjes op de app sette moatten, myn bankrekken rekke aardich leech sa. Mar ik moast it ferlerne jild wer weromwinne!

Ik wie sa drok mei it sykjen fan in goede wedstriid om op yn te setten, dat ik net heard hie dat mem thúskommen wie en fuortendaalk boppe kaam. Se kloppe oan en kaam deryn, wylst ik noch op bêd lei mei myn telefoan.

'Hoi Jelle, hoe is it?' Se klonk my fierstente fleurich, dêr hie ik hielendal gjin nocht oan.

'Min,' sei ik dan ek. It wie gjin leagen.

'Skoalle?' frege se.

'Alles,' antwurde ik.

Se swijde. Dat woe se net hearre, fansels. Se woe hearre dat it tiptop okee mei my gie, dat ik de njoggens oanien rige, en dat alles no op syn poatsjes telâne kaam. Mar dat die it net. Uteinlik trochbruts se de stilte. 'Wat dochst?' frege se.

'Nee, neat. Even fiif minuten pauze, mei dat?'

'Ja hear, fansels. Heit sil aansen pankoeken bakke, hy frege him ôf watsto derop ha wolst.'


'Makket neat. Dat ha ik him sels ek al sein.'

Mem goaide it oer in oare boech. 'Jelle, as der wat is, dan kinsto it my gewoan sizze. Wy binne dyn âlden, we steane oan dyn kant.'

'Der is neat.' Ik luts mei myn mûle, dat geëamel fan mem makke my mar senuweftich. 'Wat soe der wêze moatte?'

‘Do bist sa stil, sa sûnder enerzjy. Sa kenne we dy hielendal net.’
 ‘Jim ha myn tennisjen ôfpakt,’ sei ik mei ynhâlden lilkens.
 Se suchte. ‘We wolle datsto wat better dyn bêst dochst op skoalle,’ ferdigene se harren aksje dy’t net te ferdigenjen wie.
 ‘Asto dan dyn sifers wat ophellest, dan komt it tennisjen fansels wol wer.’
 ‘Lit mar,’ sei ik sunich. ‘It hat dochs al gjin doel mear. De *Fryslân Future Cup* kin ik wol ferjitte, ik bin der net klear foar. Boppedat ha ik foar it dûbeljen ek hielendal gjin partner, en dy kin ik no ek net sykje, no’t ik net mear op ‘e klup kom. It stelt allegear neat mear foar. Sa’t mem earder al sei: ik wurd dochs gjin profspiler.’
 ‘Dat ha ik noait sein, Jelle,’ sei se sêft. Se seach ûngelokkich om har hinne yn myn keamer, en har each foel op de muorre boppe myn bêd. ‘Hee, dyn poster fan Nadal, wêr is dy?’
 ‘Yn ‘e prullebak. Hjoed of moarn goai ik myn racket der achter-oan.’

De folgjende dei seach der wer presys itselde út. Deselde stomme lessen en deselde stomme leararen. We hienen in SO Ingelsk, en it wie wer in wrakseling. Ik hie juster wol besocht dêr wat fan te learen, mar it slagge my mar net om te fokusjen. In nije ûnfoldwaande soe my noch mear yn ‘e problemen bringe, mar wat koe ik deroan dwaan? Wêr learde ik no eins foar? Ik woe myn hiele libben al profennisser wurde, mar no moast ik dat opjaan. It soe dochs net barre, ik wie net goed genôch. Ik hie training nedich, dy’t ik no net krige. En dan myn swakke knibbel noch... It waard him gewoan net. Lykas altyd wie de biologyles foar my it slimste. Net foar Femke; dy hong oan frou Hartman har lippen en skreau heftich mei, wat dy ek sei. No’t ik wist dat se letter dokter wurde woe, snapte ik dat better. Femke hie in dream, en foar de fakken dy’t dêrfoar wichtich wienen, die se ekstra har best. As se my dat no gewoan sein hie, hie ik dat wol begrepen. Ik hie ommers ek in dream dêr’t alles foar wike moast, oant ik net mear mocht. Mar se hie it my noait ferteld. Wêrom net? Dan hie ik ek net...



‘Jelle?’

Ik waard wekker út myn tinzen en seach op. ‘Ja?’

Frou Hartman stie ûngeduldich foar de klasse te wachtsjen. ‘Wat is it antwurd?’

Elkenien seach my oan wylst ik stammere: ‘Eh... eh, wat wie de fraach ek alwer?’

‘Wat is fotosynthese?’ sei frou Hartman hiel presys.

‘Wit ik net,’ moast ik tajaan.

‘Do hiest it foar hjoed leare moatten. En ik ha it niis nochris útlein.’

Ik helle myn skouders op. ‘Ik... ik wit it gewoan net!’ Ik fielde my as oft ik elk momint gûle koe.

Frou Hartman seach my nochris erchtinkend oan, en makke in notysje yn har grutte boek.

De pauzes wienen tsjintwurdich hielendal in hel. Merel hie har definityf oansletten by it groepke fan Femke, Zhanna en Nicole. We krigen der oan ús taffeltsje in pear jonges foar werom, freonen fan Jacob syn fuotbaljen. Dat wie dan ek it ienige dêr’t se oer prate koenen, it skynde dat der elke dei wol in wedstriid op telefyzje wie. Oer tennis hienen se it noait, en ik fielde my hielendal bûten it groepke stean. Jacob gie ek faak genôch op yn it geëamel oer Champions League en Nations Cup en wit ik it allegear.

Eins wie neat op skoalle mear leuk, en thús wie it al net folle better. Heit en mem dienen like fleurich, mar wat hie ik dêroan? Tennis wie alles foar my en dat hienen se ôfpakt. Fûnen se it dan frjemd dat neat my mear slagge?

Op in dei yn april fûn ik se achter harren laptops, se wurken hjoed allebeide thús en seagen tagelyk op.

‘Ha, dy Jelle,’ sei heit, ‘kopke tee?’

‘Nee, ik moat leare.’

‘Okee soan, sukses!’ rôp mem.

En dat wie it dan wer. Ik gie de treppen op nei myn eigen keammerke. Dêr koe ik dan yn elk gefal in pear oeren rêstich

trochbringe. As ik my dan dochts sa kloaten fielde, wie it mar better om allinne te wêzen. Ik pakte de telefoan derby, en seach dat myn budzjet op TOTO alwer hast op wie. Ik moast mar wat ekstra sinten oermeitsje, sadat ik dy hjoed ynsette koe op in tenniswedstriid fan spilers dêr't ik eins hielendal gjin doel oer hie. Tsja, wat koe it my ek allegear noch ferrekke. Foar't ik dêroan takaam, gie ûnder de bel. Ik hearde ús mem iependwaan, mar koe net ferstean wat der sein waard. De stimme fan de besiker kaam my ergens bekend foar. It klonk as in famke of miskien in jonge frou. Doe kaam mem nei boppen en kloppe op myn doar. Ik klikte gau de TOTO-app fuort sûnder it jild oer te meitsjen, dat moast letter dan mar. 'Jelle, der is hjir ien foar dy,' sei mem.

'Foar my?'' Dat ferwûndere my. Der kaam eins noait ien foar my oan 'e doar, net sûnt dat gedoch mei Femke.

'It is in famke mei in tennisracket. Kom no mar gau nei ûnderen, se wachtet op dy.'


In famke mei in tennisracket? Wie Femke dan weromkaam, en woe se wer spylje? Dat soe geweldig wêze! Mar myn entûsjasme sakke krekt sa hurd wer fuort. Ik mocht ommers net mear tennisje fan myn âlden, dat ik soe Femke fuortstjoere moatte.

Dochts wie ik nijsgjirrich doe't ik de treppen ôfrûn. Wêrom wie se net gewoan boppe kommen? Of woe se dat noch net? Woe se net allinne mei my op myn keamer wêze, dêr't se yn it ferline sa faak west hie? Ik iepene de doar fan 'e húskeamer, en seach it tennisracket tsjin de muorre stean. In echte Wilson, toe mar wer. Hie Femke in nij racket kocht foar har comeback? En wêr wie se? Ik seach om my hinne.

'Se is nei de wc,' lei heit út. 'Hiest ôfsprutsen om te tennisjen?'

'Nee, nee wier net! Ik wit wol dat it net mei. Mar Femke wit dat fansels net...'

'Femke?'





'Ja, ik ha har net ferteld dat ik net tennisje mei. Miskien dat se dêrom samar delkomt. Ik sil it har wol sizze moatte, no.'

ЧАЙ Heit begûn te laitsjen. 'It is Femke net, hear. In oar famke, ik ken har net. Wat wie har namme no?'
Mem helle de skouders op. 'Ik koe it net rjocht ferstean. Se prate nochal mei in aksint.'

In aksint? Ik hearde de wc trochspjelen en krige foar in momint in wol hiel frjemde gedachte. It soe dochs net? De doar fan 'e wenkeamer gie iepen, en dêr stie se dan. It soe dochs wol. 'Hi Dzjelle, daar you bent! I was wondering of you met mij wil tennis?'

'Lit ús earst ris efkes tee drinke,' fûn mem. 'Do dochs ek in kopke, eh, sorry, wat wie dyn namme ek al wer?'

'Zhanna. Met Zh aan the beginning. Is Oekraïens. En ja lekker, thee.'

'Oekraynsk!' Mem seach ferheard. 'Wat knap dan datsto al Frysk ferstean kinst. Of wolsto oars leaver dat we yn it Ingelsk mei dy prate? Of yn it Hollânsk miskien?'

'Nee hoor, het is nice to hear Fries. Ik woon by Friezen in hun home, mijn guest ouders. Zij speak ook Fries. Maar speaking is voor mij difficult, ehm... muoisum.' Se hie sa'n protte muoite mei dat lêste wurd, dat se der sels om laitsje moast.

'No, ik fyn it hiel bysûnder hear,' bearde heit. 'En jimme kenne inoar fan skoalle?'

Zhanna knikte. 'Ik speak a lot met Femke. She tennis met Jelle.'

'Net mear,' sei ik.

'She is niet zo, ehm, fanatic, in sport,' glimke Zhanna. 'She wil dokter worden. Maar she said to me, eh, vertilt...' Se seach neitinkend.

'Vertelde,' holp mem.

'Ja. She vertelde me, Jelle is goed in tennis en needs een playing

partner voor de *Fryslân Future Cup*. Nou, ik dacht to myself; why not?'

Why not? Ik skodholle. 'De *Fryslân Future Cup* is net samar in toernoaike,' lei ik Zhanna út. 'De grutste tennistalinten út 'e regio spylje dêryn tsjininoar. Om mei te dwaan foar de prizen moastst hurd traine. Jierrenlang.'

Zhanna lake it fuort. 'Ik try it gewoon. Als ik niet goed enough ben, moet you maar voor ons together de ballen return.'

Eins hie ik gjin nocht oan dit hiele ferhaal. Koest sa ek wol oan har sjen dat Zhanna der net folle fan koe. Mei dy grouwe bril fan har. Se hie fêst in kear in boek oer tennis lêzen of sa, en tocht dan dat se sels ek wol spylje koe. Mar sa is it net. No't ik in trainingsachterstân hie, soe ik der sels trouwens ek wol net folle fan bakke. We soenen in stel stumpers wêze, en kommunikaasje op 'e baan koenen we ek wol ferjitte, mei Zhanna har rare miks fan talen. It soe in ôfgong wurde, dy hiele *Fryslân Future Cup*.

Mar wat makke ik my drok: it soe dochs net meie fan heit en mem! Se seagen inoar al sa ernstich oan. Se koenen no elk momint sizze dat harren soan net spylje mocht om't syn sifers sa min wienen. Ik skamme my no al dea by dy fernedering. Zhanna soe te witten komme dat se my behannelen as in lyts bern. Soe se dat dan trochfertelle oan Femke en wa't it fierder op skoalle mar hearre woe?

'Tee op?' frege heit.






Zhanna knikte, wylst ik myn lêste slok naam.

'No, dy kant mar op dan. Jelle, neffens ús kinsto wol in fersetsje brûke, no? Dan sille we fan 'e jûn tegearre mei dyn húswurk oan 'e slach.'

FILMKES
SJEN?



LIFE IS BETTER
WHEN YOU PLAY
TENNIS!!





It wie mar nuver om neist in oar famke as Femke te fytsen. Ik wist net goed wat te sizzen, mar Zhanna trochbruts de stilte: 'Great dat you playen wil.'

'Ik wit fansels net oft we wol in goed duo binne,' hâlde ik de boat ôf.

'Nee, maar daar komen we snel enough achter.'

De tennisbaan lei der ferlitten by. Miskien wie it wat te fris foar in soad minsken, mar Zhanna striele hielendal wylst we ús fytsen teplak setten. 'Ik heb this winter een paar keer met Femke tennis,' sei se, 'maar dat is alweer een while ago.'

'Ah, dus do wiest it dêr't se mei spile hat. Ik frege it my al ôf.'

'Het was niet zo nice dat ze you dat niet, eh, vertelde, maar she was angry. En helemaal nadat you blab out haar secret in de classroom.'

Automatysk skromfele ik wer yninoar. 'Dat wie dom,' sei ik simpel.

'Ja, dat was zo,' fûn Zhanna ek. 'Maar everybody doet sometimes domme dingen. Me too.'

'O ja? Wat dan?'

We wienen by de bankjes oankaam en Zhanna pakte de spullen út har tas. 'Dat ik dacht dat learning everything was. Not true.'

'Dat sis ik no ek altyd.'

'Het is niet everything, maar wel important... belangrijk... wichtich! Sorry, one moment.' Zhanna die har bril ôf en begûn mei linzen te mieren. Doe strûpte se har joggingbroek en jas út. Derûnder hie se in tennisrokje oan en in heus shirtsje fan Under Armour.

No no, tocht ik, oan it ark en de klean leit it yn elk gefal net.

Zhanna die sels wat warming-up oefeningen. Krekt echt, gnyske ik yn mynsels. Wat tinkt se no, dat tennis dêrom draait? Mar se hie it yn elk gefal faker as ien kear dien. Sy wie it dus dêr't Femke mei spile hie. Wat sei Stefan dêr ek alwer oer? Femke wie fan 'e baan fage? Dat like my sterk. Miskien hie se Zhanna winne litten. Ik dikere nei de oare kant fan it net, dêr't Zhanna oanjoech dat se ree wie om te servearjen. No way dat Femke troch dy stúdzjebol ferslein wie, tocht ik noch wylst ik klearstean gie. Tennisrokje en linzen of net.

De earste klap hearde ik allinne mar foarby sûzjen. Zhanna servearre him presys yn 'e hoeke fan it opslachfak, yn in ferskroeiend tempo. Ferbjustere seach ik yn it gravel. De ôfdruk fan de bal wie presys oan 'e binnenkant fan 'e line.

'In?' rôp Zhanna fan 'e oare kant.

'Euh... ja!' Ik woe der ek net om lige. 'Moaie klap, 15-0.'

'Okee,' rôp se werom. 'Ready?'

De twadde bal kaam like hurd, en ik koe mei muoite de return oer it net krije. Dêrnei sloech Zhanna har forehands sa djip it fjild yn, dat ik allinne mar ferdigenje koe. Ik rûn fan links nei rjochts en besocht der mar it bêste fan te meitsjen. It wie hearlik! Ik gie hielendal op yn it spul, en Zhanna lyksa. Prate dienen we net, allinne scores werhelje. Doe't de set ôfrûn wie, moast ik mei 6-4 belies jaan. Oan 'e iene kant pynlik, oan 'e oare kant wie ik fol bewûndering foar Zhanna har slaggen. Wat in krêft siet der yn har! 'En, goed enough?' frege Zhanna laitsjend doe't we by ús tassen oankamen om wat út te rêsten.

Ik lake mei har mei. 'Allemachtich, sis! Wat in ferrassing! Dat hasto faker dien!'

'Yn Oekraïne was ik de champion of my city,' sei se, 'stad.'

'Echt wier!? En doe'tsto hjir kaamst?'

Har gesicht ferlear yn ien klap de glim. 'Toen had ik a long time geen zin meer om te playen. Het leek zo... onbelangrijk! A waste of time, wat heeft mijn country daar nou aan?' Se suchte. 'Maar toen kwam that day dat you in de break aan Femke vroeg of she wil playen... Ik pakte at home voor het eerst in months mijn

racket weer eens beet. Ik maakte wat movements in de air... de lucht. Backhand, forehand, volley. The feeling kwam terug. Ik vroeg Femke of ze eens wilde playen. She deed het, maar... 'Net graach,' folle ik oan.

'Nee, she was niet zo... ehm, interested. That can change. Soms breek you met iets, another time plak you het weer. Soms een tie, soms een break.' Se lake. 'Dat heb ik one time eens heard, en er zit wel wat in. Femke zit in the middle of een break.'

'En dyn break is oer,' begriep ik.

'Exactly! Toen Femke niet zoveel enthousiasm meer had, vroeg ik haar als ik met you kon playen.'

'Dat hasto har frege?'

'Dat vond ik wel zo decent, eh...'

'Netjes.'

'Netjes, ja. She zei, dat ik dat of course moest doen. She is heel nice. She understands dat ik tennis nodig heb, anders word ik crazy... gek. Maybe like you. Maar Femke heeft other things, right? She wil dokter worden, you know.'

'Ja, I know.'

'Tennis lijkt dan niet impor... wichtich. Maar life is niet alleen learning, daar ben ik wel achter.'

'Do bist oars echt sa'n stúdzjebol,' goaide ik derút, sûnder goed nei te tinken.

Se seach my net-begripend oan. 'Studyball?'

'Lit mar.' Ik skodholle. Wat sei ik soms ek stomme dingen.

Zhanna naam in slokje út har wetterfleske. 'Nog een set? En you think dat we een andere keer dan kunnen doubles?'

'Ik regelje wol wat tsjinstanners,' sei ik.

In protte wie oars wurden no't ik mei Zhanna spile, mar net alles. Op skoalle seach Femke my noch hieltyd amper oan, en ik fûn it net sa'n goed idee om my oan te sluten by it studytaffeltsje, sa't de fjouwer fammen al neamd waarden.

Heit en mem hienen my ûnderwilens dúdlik makke dat ik allinne



STUDYBALL?

mei Zhanna spylje mocht en oan 'e *Fryslân Future Cup* meidwaan mocht as myn sifers goed genôch wienen. Heit holp my dêrom no elke dei mei myn húswurk en mem hold presys it gemiddelde

fan myn sifers by. 'We moatte der even boppe-op sitte, Jelle, dat hasto no nedich.' Ik liet it mar oer my komme. Leuk wie it net, om alle dagen de scorekaart op tafel te sjen as ik thúskaam, mar se lieten my yn elk gefal wer tennisje.

It hie earst wol wennen west om mei Zhanna te dûbeljen. Femke en ik wisten altyd presys fan inoar hoe't we op 'e baan beweegden en wat ús sterke en swakke punten wienen. Mei Zhanna moast ik dat op 'e nij útfine, mar gelokkich

gie de kommunikaasje ûnder it spyljen al gau in stik better. Mei koarte termen joegen we oan wat de oare dwaan moast. *Dyn bal! Volley! Gean litte!* Sa gie dat oer de baan. En wat koe dat famke spylje! Wat in sukkel hie ik ek west om har út te meitsjen foar suffe stúdzjebol. Se koe net allinne better leare as ik, mar eins ek better tennisje.

Nei in pittige training sieten we tegearre út te puffen. 'Wannear komme jim wer?' frege Stefan.

'It leafst soe ik moarn wer wolle,' sei ik, 'mar... ik ha oer in pear dagen in repetyasje Nederlânsk. En dêr moat ik goed foar leare, want dy is hartstikke belangryk.'

'Ik ook,' sei Zhanna. 'Ik krijg dan wel compensation, maar ik wil hem graag as good as possible maken.'

'Dus,' konkludearre ik wylst ik Zhanna oanseach, 'even in pear dagen rêst, en dan yn it wykein wer?'

'Dealio.'

Stefan moast laitsje. 'As jim op de *Fryslân Future Cup* ek sa goed gearwurkje, meitsje ik fan in miste training gjin inkeld probleem.'

In goed wike letter siet ik triomfantlik op 'e fyts nei hûs, mei in dikke fette acht op Nederlânsk yn 'e binnenbûse. Wêr't ik it wei-



helle hie, wit ik net, mar no koe it hast net mear misse of ik soe oergean nei de twadde klasse.

Heit stie my op te wachtsjen yn 'e keuken. 'En?' frege er nijs-gjirrich.

'Hat heit noch net op Magister sjoen?'

'Dêr is jim mem fan. Ik wol it graach fan dy persoanlik hearre.'

As oft ik de *Fryslân Future Cup* sels yn 'e hannen hie, sa oerhandige ik heit it papierke. Hy eage it oer, en seach my doe oan.

Moast er no slokke? 'Prachtich soan, prachtich! Och, wat bin ik grutsk op dy! Ferdikkeme!' Hy joech my in knuffel, wat er eins noait die. 'Dat moat fierd wurde! Wat wolsto jûn ite? We kinne nei de Sinees, of wat tinkst fan in pizza?'

Ik skodholle. 'Pankoeken! Mei ekstra dikke plakken tsiis!'

Hy lake. 'Is goed! En giest dan hjoed ek noch mei Zhanna te trainen?'

'Nee, better fan net. De knibbel docht wat sear, dy moat rêst ha.

En Zhanna fûn ek al dat we ús net tefolle yn it swit wurkje moatte sa flak foar it toernoai.'

Heit knikte dat it goed wie, en ik gie nei boppen. It joech in goed gefoel, sa'n dik sifer. Even tocht ik deroan om it te fieren mei in ynset op de TOTO-app, mar dat wie eins net sa'n tûk idee. Ik koe better myn bûsjild opsparje foar in moai nij Wilson racket. Ik hie in pear klappen makke mei dy fan Zhanna, en no woe ik ek sa'n ding.

Ik hearde dat mem thúskaam, en net folle letter waard der op 'e doar kloppe. Se kaam deryn mei in grutte koker. 'Jelle, ik hie al stikem op Magister sjoen en hearde nochris it goeie nijs fan heit! Geweldich, no!'

'Ja,' sei ik allinne mar. Doe wiisde ik nei de koker. 'Wat is dat?'

Se lake heimsinnich, en joech him my. 'We binne och sa grutsk op dy, jonge,' sei se noch. Doe gie se sûnder fierder in wurd te sizzen wer ta de doar út. Ik iepene de koker en der kaam in fette nije poster fan Rafael út, yn syn powerpose nei't er Roland Garros wûn hie.

Dat wykein wie it de *Fryslân Future Cup*. We moasten derfoar nei

de stêd. Heit en mem gienen ek mei, en Zhanna kaam mei har Fryske gastâlden. Se helle har grutte racket út 'e kofferbak, en doe pas seach ik dat der noch in fjirde persoan út 'e auto stapte.

'Femke!' rôp ik automatysk.

Se stuts har hân nei my op, dat wie yn elk gefal al wat.

'Wat leuk datsto kommen bist!'

'Foar Zhanna,' makke se my dúdlik. 'Se is hiel goed.'

'Dat wit ik,' sei ik sêft.

En dêr kamen de oare teams ek achter. Us trije poulewedstriden gienen oer ien set, en dy wûnen we allegear maklik. Zhanna sloech de ballen lykas altyd hurd en djip, en myn volleys wienen skerp en presys. Hienen al dy lessen fan Stefan dochts mar moai holpen. De fjouwer bêste teams soenen nei de lunsj de krúsfinales spylje, wedstriden dy't oer twa wûne sets gienen. Yn 'e heale finale spilen we tsjin in jonge en famke út 'e stêd. Se besochten ús út de konsintraasje te heljen troch hiel stadich te spyljen. Ik makke my al lilik, mar Zhanna kalmearre my tusken de punten troch. 'Niet op letten, they know we can beat them. Daarom doen they zo.'

Se hie gelyk, en doe't ik de fokus wer werom hie, wûnen we de earste set mei 6-2. Yn 'e twadde gie it treiterjen noch in stik fierder.

'Wat moat dat mins hjir?' frege de jonge my, doe't we tegearre oan it net stienen, no't Zhanna opslaan soe.

'Wat bedoelst?'

'Wat moat dy hjir yn Fryslân? Dy bûtenlanner dêr'tsto mei spilest?'

'Doch normaal, ju.'

Zhanna mepte in ace, wêrnei't ik tsjinoer it famke oan it net kaam te stean. Dy wie noch ferfelender. 'Net earlik fan dy, om mei har te spyljen. Dit is in Frysk toernoai.'

'No en? Sy wennet ek yn Fryslân.'

'Mar se is gjin Fries. Se sit fêst fol mei doping, dy Eastblokker.'

'Ach, hâld dyn bek,' sei ik lilik. Mar Zhanna luts har nearne wat fan oan, se bleau gewoan de ballen sekuer yn 'e hoeken slaan. Ik waard ûnderwilens wurch, en myn knibbel begûn hieltyd mear

sear te dwaan. Ik makke wat domme foutsjes en it wie benammen oan Zhanna te tankjen dat we ek de twadde set mei 6-4 wûnen. Nei ôfrin joegen de eikels ús gjin hân, en se foeteren op inoar wylst se de baan ôfgienen. ‘Kut-bûtenlanner,’ rôpen se noch ta ôfskie, wêrop’t de umpire fan syn stoel kaam en se heechstpersoanlik de baan ôfjage.

‘Sorry dêrfoar,’ sei ik beskamme tsjin Zhanna. ‘Se kinne gewoan net oer harren ferlies.’

Se lake allinne mar. ‘In Oekraïne ben ik wel meer used to. Kom, only the final nog! Hoe is your knie?’

‘Pynlik,’ sei ik earlik.

‘Thought so. Gaat het wel? Otherwise wij stoppen, hoor.’

‘Dat noait!’ skrok ik. Ik tocht oan Rafael, oan al syn operaasjes fan in pear jier lyn. Hy wie weromkommen en wer de nûmer 1 fan de wrâld wurden!

We hienen hast trije kertier rêst oant de finale begjinne soe. Femke kaam by ús sitten. Ik woe al oereinkomme om de beide fammen allinne te litten, mar wat se te fertellen hie, gie ek my oan.

‘Ik ha niis even by de wedstriid fan jim tsjinstanners sjoen,’ sei se gearspannerich.

‘De jonge hat in hiel goede forehand, mar is kwetsber op ’e backhand. It famke slacht dan wer alle ballen fan achterút hurd en skerp, mar is minder wis op har volley. Beide binne se wol superfit, dus hâld de punten koart!’

Zhanna en ik knikten, dat klonk as in goed gameplan.

lenkear wer op de baan koest goed merke dat it de finale wie.

Ik waard wat senuweftich, en ús tsjinstanners wienen echt goed.

Dy stienen ek net foar neat yn ’e finale. Tanksij de oanwizingen fan Femke wisten we lykwols harren swakke plakken te finen. De jonge makke yndied wat fouten mei syn backhand, en we holden de punten koart. Sa pakten we de earste set mei 6-4. Yn de twadde set hie it oare team ús swakheden ek better troch:



MAR SE IS
GJIN FRIES, DY
EASTBLOKKER!!

se besochten de rallys just langer te meitsjen. Zhanna makke nei in lange dei tennisjen no ek wat ûnnedige foutsjes, en it waard 6-3 foar ús tsjinstanners.

De umpire rôp ús nei it net. 'Alle fjouwer ha jim prachtich spile, mar we moatte no ienkear in winner ha. Jim kenne de regels; de tredde en beslissende set is in supertiebreak. Wa't it earst tsien punten hat, wint de wedstriid en de *Fryslân Future Cup*. In protte sukses allegear!'

Ik koe eins net mear, en hope en smeke dan mar dat de punten koart wêze soenen. Ik mocht begjinne mei opslaan en gie foar alles of neat. It waard alles: in keihurde ace en in 1-0 foarsprong. Dêrnei gie de score lykop. Der waarden hjir en dêr wat foutsjes makke, elkenien wie oan 'e ein fan 'e krêften.

Oan 'e sydline waarden beide teams tusken de punten troch hurd oanmoedige. Femke hearde ik roppen: 'Jim ha se, come on Zhanna!'

Ik ferbiet de pine. We kamen 9-8 foar, matchpoint! Wat folge wie de langste rally fan de wedstriid. De tsjinstanner wist alle ballen lâns of oer Zhanna te spyljen, dat ik moast achter yn it fjild rinne en fleane om de bal mar yn it spul te hâlden. Ik fiede de knibbel baarnen, en besleat nei in klap of tweintich ta in nije alles-of-neat-bal rjochting de line.



TROCHSETTE!
BIST DOCHS GJIN
LYTS BERN MEAR!?

'Ut!' wie it ûnferbidlike oardiel fan 'e umpire. '9-9.' Ik rôp Zhanna by my. 'Wie er echt út?'

'Twee centimeter. Are you okay?'

'Nee,' sei ik earlik. 'Myn knibbel...' Ik focht tsjin de triennen en woe der by sitten gean.

Doe gilde Femke boppe alles út: 'Kom op Jelle, do kinst it! Trochsette no! Bist dochs gjin lyts bern mear!?''

FILMKES
SJEN?



